



## Ynterfryske Frouljusmoeting 2022

Fan 13 oant en mei 16 septimber 2022 wurdt der wer in ynterfryske frouljusmoeting organisearre. Dat twajierlikse barren is diz' kear yn Westerlauwersk Fryslân. Nij is diz' kear dat de froulju net mear by gastgesinnen ûnderbrocht wurde, dêr is hjoed-de-dei gjin belangstelling mear foar, mar der is in geskikte groepsakkommodaasje fûn.

In wurkgroep hat in gaadlik programma gearstald. It meïinoar yn 'e kunde kommen en útwikseling fan ûnderfinings én geselligens stiet dêrby foarop. It folsleine útwikselprogramma fine jo hjirby.

De frouljusmoeting is in aktiviteit fan de Ynterfryske Rie, in gearwurkingsferbân fan trije Fryslannen, resp. fan de trije seksjes dêrfan yn West, East en Noard. Fan West binne diz' kear ek de froulju fan it Westfries Genootschap yn Westfriesland (Noard-Hollân, Ned.) útnûge.

De leden fan de Ynterfryske Rie binne de trije *Fryske Rieden* en it foarsitterskip dêrfan wikselet om de trije jier. De Seksje Noard (Dútslân) hat op it stuit it foarsitterskip oant 2024. Dêrnei nimt de Seksje East dat wer foar trije jier oer. Neffens in fêst skema wurdt der om de trije jier ek in Friezemoeting op Hilgelân (Helgoland) organisearre. Oare moetingen wurde jierliks of om de twa jier holden, lykas de frouljusmoeting. Dêrnjonken binne der ek noch oare gearkomsten foar beskate maatskiplike groepen en treffe de deistige bestjoeren en de oare bestjoersleden fan de trije seksjes inoar in kearmannich yn it jier.

## Programma frouljusmoeting 2022

### Tiisdei 13 septimber

- 16.00 oere Reisdei, oant 16.00 oere  
Groepsakkommodaasje Kleastermar, Eastermar  
Úntfangst mei kofje/tee en oranjekoeke  
Iepenjen en wolkom
- 18.30 Jûnsmiel
- 20.00 Wolkom troch drs.L.J. Gebben, boargemaster  
gemeente Tytsjerksteradiel  
Gesellige jûn mei drankje en flauby

### Woansdei 14 septimber

- 08.00 oere Moarnsbrochje Kleastermar, Eastermar
- 10.15 Gemeente Opsterlân, Beetstersweach  
Úntfangst troch frou E. van Selm, boargemaster
- 12.00 Doarpshûs De Buorskip
- 12.30 Lunsj De Buorskip  
Oanslutend Rûnlieding troch it doarp yn groepen en  
Rûnlieding Tropyske Kas
- 18.30 Stamppottebuffet, Kleastermar, Eastermar
- 20.00 Gesellige jûn mei Jabik de Jong, foardracht, en Oebele  
Wagenaar, akkordeon

### Tongersdei 15 septimber

- 08.00 Moarnsbrochje Kleastermar, Eastermar
- 10.15 Kofje mei oranjekoeke  
Yntree Skûtsjemuseum Earnewâld en rûnlieding
- 13.00-16.00 Rûnfeart Princenhof, ynklusyf lunsj
- 18.30 Sineesk rystafelbuffet, Kleastermar, Eastermar
- 20.30 Gesellige jûn mei optreden Voortvarende Vrouwen

### Freed 16 septimber

- 08.00 oere Moarnsbrochje Kleastermar, Eastermar  
Oanslutend ôfskied, en ôfreizgjen gasten (nei hûs, of  
oanslutend nei it Ynterfrysk Kongres)

Opjefte foar de frouljusmoeting **foar 1 juny** by

Akkie Lindeboom-Jager

([alindeboomjager@hetnet.nl](mailto:alindeboomjager@hetnet.nl))

**Fol is fol**

Priis: € 200,-- ynkl. oernachtsje, iten en  
ekskurzjes. 2 p. op 'e keamer

Dielname ek de dei sûnder slieperij mooglik

Ynformaasje oer deipriis by Akkie Lindeboom

Til. 06 20 58 27 09 of mail

It bedrag moat betelle wurde op bankrekening fan de  
Fryske Rie: NL51RABO 0103744711 û.f.f.  
'Frouljusmoeting 2022'. Nei ûntfangst is opjefte jildich.

**Adres:**  
**groepsakkommodaasje "Kleastermar"**  
**Snakkerbuorren 6**  
**9261 VM Eastermar**



## **Frouljusmoeting 2022**



**yn "Kleastermar" yn  
Eastermar**

**13 - 16 septimber 2022**